

## Jierferslach oer 2020

### 1. Ynlieding

Wy wiene as Genealogysk Wurkferbân (GWF) foar it jier 2020 mei in oantreklik programma útein setten oant mids maart ús skoandere plannen yn de iiskast koene. Earst gie hiel Nederlân op 't slot troch de koroana en doe't yn de simmer der wat mear romte kaam wie it ús "stille tiid". As bestjoer doarden wy it net oan om nei de simmer de tried wer op te pakken. De kâns wie grut dat it tal besikers fan ús gearkomsten foar de sprekkers op in teloarstelling út rinne soe. Sadwaande is it tal gearkomsten beheind bleaun.

### 2. Sifers

It Genealogysk Wurkferbân (GWF) hat yn 2020 twa kear by inoar west yn jannewaris en febrewaris en yn 'e mande mei de NGV (afdeling Friesland) wie der in ekskursje nei it Lânboumuseum yn septimber. De gearkomsten wiene yn Tresoar (Gysbert Japicxseal).

It tal leden wie yn 2020 op 1 jannewaris 205. Op 31 desimber fan itselde jier wie dat sakke nei 192. In delgong dy't him de lêste jierren hieltyd foardocht. Ferline jier stie der yn it jierferslach: *"Der falle troch ferstjerren wol leden ôf mar de oanwaaks is net navenant. Yn it bestjoer is wolris grute dat it lidmaatskip eins te min echte foardielen opsmyt. Je kinne fergees nei de gearkomsten. In mooglike oantrún om stiper fan de FA te wurden soe wêze kinne de digitale bestannen fan de jierboeken allinne foar leden fan it GWF/stipers fan de FA tagonklik te meitsjen. Mar dêr giet it GWF net oer, dat is in saak fan de FA"*. It is der dit jier net fan kommen om dit punt mei de direksje fan de FA te besprekken troch de direksjewiksel en de koroanamaatregelen.

Ek it twadde punt: *"Noch altyd binne der sa'n 60 leden dy't (ek nei werhelle fersyk) gjin e-mailadres trochjûn ha"* lit noch amper ferbettering sjen.

### 3. Bestjoer

Der wiene dit jier gjin mutaasjes yn it bestjoer. De gearstalling wie yn 2020 dan ek:

**Gosse van der Plaats** (foarsitter), **Dr. Jabik van der Bij** (skriuwer) en as leden **Jelle de Jong**, **Rinse Spits** en **Anne Hylke Lemstra**. Der binne gjin fakatueren yn it bestjoer.

It bestjoer is ien kear (fysyk) gearkommen op 18 febrewaris 2020 yn de Fryske Akademy en alle oare saken binne digitaal ôfwurke. Der is twa kear in **bypraterke** oan de leden stjoerd.

De belangrykste punten fan besprek wiene de jierplannen en it meitsjen fan ôfspraken foar it benaderjen fan de ynlieders op de gearkomsten. Fierder kaam de tsjinstferliening fan Tresoar wer op it aljemint. Mei oare besikers fan Tresoar is it bestjoer tige ûngelokkich mei de tsjinstferliening lykas dy no foarm krigen hat. Mei Tresoar is ôfpraat dat wy de situaasje nei in heal jier hifkje sille hoe't it no foldocht. Dit is by in foarnimmen bleaun: koroana smiet hjir ek roet yn it iten en en no is it wachtsjen op in nije direkteur.


Om begryplike reden hat it bestjoer fan it GWF yn de mande mei de oare wurkferbannen gjin oerlis hân mei de direksje fan de Fryske Akademy (FA). It bestjoer is fan betinken dat dit kontakt sa gau as mooglik wer plak fine moat.

Jierliks hat it bestjoer oerlis mei Ype Brouwers as fertsjintwurdiger fan de redaksje fan it genealogysk Jierboek. Blikken die dat de ferkeap fan de boeken de kosten net dekke kin en dat de Fryske Akademy soarget foar suppleesje. De oplaach is alle jierren 200.

Ek dit ferslachjier is it bestjoer tige wiis mei de goede meiwurking fan it sekretariaat fan de FA yn de persoan fan Adrie Kaspers en de webbehearder Richard de Boer.

#### 4. De gearkomsten

Op de earste gearkomste wiene 46 en op de twadde 71 besikers oanwêzich. Yn it gafykje is it ferrin fan it gemiddelde tal besikers werjûn.



##### 4.1 Kolonisten mei âld-Ljouwerter foarâlden 4 jannewaris 2020

troch: **Wytse Tjoelker**

Sprekker naam ús mei nei de frije koloanjes fan de *Maatschappij van Weldadigheid* fan Johannes van den Bosch; nei benammen Willemsoord en Noardwâlde Súd. Fan de probant fan syn ferhaal, Fenna Johanna Lodewijks (\*1896 Vinkega X 1916 Weststellingwarf), waarden alle oerpaken en -beppen om 1820 hinne kolonist. De paken en beppen fan Fenna Johanna waarden allegearre berne yn de koloanjes. Ien oerbeppe, Elsje Vollendorp, waard yn 1781 berne yn Ljouwert. Elsje har heite heite kaam wierskynlik as soldaat út Noard-Dútslân nei Ljouwert. Ek de famyljenamme fan Elsje har mem, Hillemans, wiist nei sa'n komôf. Oars leit it mei heite mem Elske Sydses Broersma; fan har binne foarâlden werom te finen oant yn de 16e iuw, mei ferskate ambachtslju. Mei moai dúdlike ferhalen oer bygelyks herberch/brouwerij De Druif, miskien wol de âldst fûne lânmjittersfamylje yn Fryslân, Engehuis. Dy wiene warber foar en nei de Reformaasje.



##### 4.2 De Menisten fan it Wytfean

troch: **Elly Pacanda-Bolier** op sneon 1 febr. 2020.

It Wytfean leit tusken Eastermar en De Rottevalle en stiet bekend as in streek dêr't yn de jierren 1600-1620 benammen doopsgesinde ferfeanters, de lettere boeren, wurken en wennen. Flechtlingen út Switserlân soene hja west ha. De namme Benedictus kaam hjir in protte foar. In roomske namme yn in meniste geslacht. Dêr moat in ferhaal achter sitte! (foto: Fermanjepôle)



*Elly Pacanda ûndersiket al hiel wat jierren it geslacht Benedictus, har foargeslacht fan memmekant. Nei yntinsyf sneupwurk en ferlykjen fan gegevens, koe de troch har fûne betiidste Benedictus wat mear "smoel" jûn wurde, mar de Switserske komôf bleau ûndúdlik.*

Hjirmei wie it 2e ûndersykstema in feit. Oan 'e hân fan beskikber histoarysk materiaal en skreaune útspraken fan û.o. famyljeleden koe in skets makke wurde fan de âlde doopsgesinde gemeente op It

Wytfean. Dit levere sa'n spesifyk byld op dat it sykproses Wytfean-Switserlân begjinne koe. Der waard ferteld oer de befiningen fan dit sykproses, in proses dat noch altyd trochgiet.

### 4.3 Excursie naar het Fries Landbouwmuseum op 5 september 2020

Het Fries Landbouwmuseum is een Rijksmonument. Het is gevestigd in de eerste gelede boerderij in de provincie. Deze bouwvorm wijkt sterk af van de gangbare boerderijen die onze provincie rijk is. Het bestuur van het Sint Anthony Gasthuis gaf in 1909 de bekende architect W.C. de Groot opdracht om de boerderij te ontwerpen. Zie:

<https://landbouwmuseumfriesland.nl/friese-landbouw/ons-gebouw>.

Het museum herbergt niet alleen een permanente expositie van landbouwmachines, fotodocumenten en schilderijen die de historie van de landbouw en veeteelt in onze provincie in beeld brengen, maar ook steeds wisselende tentoonstellingen van actuele onderwerpen. In september 2020 is er onder de titel "Niet vergeten... Frico eten" een expositie over het bekende kaasmerk. Er is een unieke historische collectie te zien, die het museum van de verzamelaar Robert Visser heeft verworven. In 2019 heeft hij zijn collectie overgedragen aan het Fries Landbouwmuseum dat daarmee een bijzondere historische zuivelcollectie in bezit heeft gekregen.



### 4.4 Jierboek 2020

Yn 2020 wie it net mooglik om in gearkomste te organisearjen dêr't it earste eksimplaar útrikt wurde koe. Yn oerlis mei de redaksje wie it boek te bestellen of ôf te heljen begjin jannewaris by de Afûk.

#### Ynhâldopjefte jierboek 2020

Andries Koornstra †	Koornstra
Ron Postma	De Sevensma's fan Sleat
Pieter Nieuwland	Ypkje
Ype Brouwers	Lauswolt
Fryske Rie foar Heraldik	Wapenregistraasje

**Ut namme fan it bestjoer fan it *Genealogysk Wurkferban fan de Fryske Akademy*,**

Twellegea, 15 maart 2021.

Dr. drs Jabik van der Bij